

In skriuwster dy't har paad fierder fine moat

FD 04-06-2005

troch **Gerbrich van der Meer**

Neffens dr. Annemarie van Buuren dy't ferline jier promovearre op streekromans, soe *Paadsikers*, it debút fan Corry Boelens fêst prachtich falle binnen dat sjenre. Oant ferline jier wie der noch noait ûndersyk dien nei dat type boeken, dêr't 90 prosint fan de auteurs frou fan is en 90 prosint fan de lêzers allyksa.

Streekromans kinne neffens van Buuren karakterisearre wurde as konvinsjoneel, oerflakkich, sentimenteel, ienfâldich en altyd mei in happy ein. Se lykje allegearre op elkoar en rinne altyd út op 'Leed Lotteret' en 'Wiere Leafde Oerwint Alles'. Der is in oersichtlike wrâld, dêr't it kweade ôfstraf wurdt en de deugd beanne.

De promovenda kaam ta ferrassende ynsichten. De magy fan de boeken soe net lizze yn de konvinsjonele noarmen en wearden dy't it útstriet of yn de *couleure locale*, mar yn it ferhaal sels. Streekromanlêzers wolle net simpel in leafdesferhaal mei happy ein lêze, se wolle in ferhaal dat yngiet op de realiteit tusken

âlden en bern mei de mem as sintrale figuer. Want dêr kinne se har mei identifisearje. Dan binne se by Corry Boelens oan it goede adres.

Yn *Paadsikers* stiet sels hiel eksplisyt in realiteit tusken âlden en bern sintraal: it ferhaal giet oer Wyltske dy't har beide bern Sandra en Fenna grut bringt nei folwoeksenens ta. Mem Wyltske is neffens streekromanrecept in sljochtwei frou mei ferlangens, ferbylding, ferstân en gefoel. Har sa út en troch konvinsjonele ideeën oer hoe't je je hâlde en draage komme by fleagen nei foaren.

Ek de oare elementen dy't streekromans typearje binne yn *Paadsikers* oanwêzich. It ferhaal spilet him foar it grutste part ôf yn Fryslân; yn Drachten en Ljouwert om krekt te wêzen. Ek wat de leafde oanbelanget komt de lêzer net oan krapperein.

Sels wat foarm en foarmjouwing oanbelanget falt *Paadsikers* ûnder de noarmen fan de streekroman. De roman is yn hy-perspektyf skreaun en hat in tradisjoneel ynbûne omslach mei miskien foar streekromanbegripen wol in modern úterlik: yn dit gefal trije frouljussilhuetten mei oan de râne in print fan in

blomkesstof út de santiger jierren.

Dat is net samar. Paadwizers spilet yn de santiger, tachtiger en njoggentiger jierren. In tiid dêr't de emansipaasje wjokken yn kriget, de pil syn yntrede docht en it houlik net mear foarwaarde is foar seksuele omgong. De emansipaasje hat syn wjerslach op Wyltske. Sy stiet foar har rol as mem en echtgenoate, mar wol harsels graach ûntjaan en begjinne mei de memmafû. Jehannes hat der neat op tsjin, mar sil har ek net skewiele. Syn nije bedriuw slokt him hielendal op. De stúdzje fan Wyltske begjint mear en mear tusken harren yn te stean. In staaasje yn Ljouwert yn ferbân mei har pedikuere-oplieding hellet har oer de streek. As sy skiedt en nei Ljouwert ferhuzet, kin se gewoan dy staaasje ûnder skoaltiid fan de bern dwaan. It giet troch. Yn Ljouwert bringt se de beide fammen grut. Nei har oplieding begjint se in praktyk as pedikuere, dy't in pear jier letter rint as it spoar. Deugd beannet, sjogge we. Mar Wyltske bliuwt nei har skieding allinnich, wylst har eks Jehannes wol in nije frou moetet. Priuwe wy hjir eat fan kwea dat ôfstraf wurdt?

It is Wyltske op wa't de famkes weromfalle as sy sels dêr oan ta binne. By har fertroude mem kinne se har útprate. De feroarjende noarmen en wearden fan dy tiid wurde ek ûnderwerp fan petear. Wyltske hat mar muoite mei it tegearre wjen sûnder troude te wêzen en seks foar it houlik.

By it âlder wurden kriget foaral dochter Fenna mear each foar de jonges, Sandra sjocht net fierder as har boeken. Dochs hat Fenna har relaasje mei Menze úteinlik sa'n grutte ynfloed op Sandra dat se har eigen relaasje ferbrekt en nei Venlo 'flechtet' foar in baan yn it ûnderwiis. Pas dêr komt se ta rêst en kin se in nij libben begjinne.

Yndied, Leed Lotteret yn *Paadsikers*. Sandra har ynsichten meitsje fan har in oar minske. Mei har bycht oan it ein fan de roman (en dy fan mem derby) wurdt Sandra lottere. Ek de Leafde dy't Alles Oerwint fine we werom yn de reaksje fan de oaren. In happy end dus.

Beantwurdet *Paadsikers* skematysk oan de ferwachtings fan in streekroman, psychologysk en foarmtechnysk binne der nochal

wat heakken en oezen. Corry Boelens docht har bêst om de personaazjes sa natuerlik mooglik oer komme te litten, mar dochs bliuwe it opleine rolmodellen dy't de ferskillende persoanen fertsjintwurdige. De konversaasjes binne bytiden de tuttige kant it neist. Der wurdt hiel wat ôf skattere. 'O, soest se net', foeteret Fenna op side 75 yn harsels as de freondinnen om har sitte te gnyskjen. 'Trutten', wie earliker en better op syn plak west.

Emoasjes wurde by Boelens wol neamd, mar net trochlibbe. Psychologyske ûntjouwingen binne der, fernimme wy, mar de lêzer wurdt der amper dielgenoat fan makke. Krekt as it ynteressant wurdt 'zoomt' de skriuwster wer út. Dêr troch bliuwt in soad ûndúdlik. Boelens kin har personaazjes ek mar min los litte, te faak skimeret har eigen boadskip troch de wurden fan de figueren hinne. It is dúdlik dat Corry Boelens as streekromanskriuwer har wei noch fierder fine moat.

Paadsikers, Corry Boelens, KFFB, 2004, priis: 14 euro (KFFB-leden 7,00 euro).